



## [Parseberjocht](#)

## Diet Huber har Tutte mei de linten is der wer!

De ferskes en printsjes fan Diet Huber binne mei rjocht klassyk te neamen. Al trije generaasjes lang genietsje lytse en grutte bern fan 'Tutte mei de linten', 'De biezem en de bjinder' en 'De reus Pak yn – Pak op'. Heiten en memmen, pakes en beppes dogge de bern, mar ek harsels in grut plezier mei it foarlêzen fan dizze sprankeljende ferskes.

Yn 1955 ferskynde de earste printinge fan it skriuwersdebút fan Diet Huber, *Tutte mei de linten*. Op slach wie dit boek foar bern fan fiif oant fiifennjoggentich jier in echte klassiker. De humor en boartlikens, de muzikaliteit fan dizze berneferzen en de tiidleaze printsjes meitsje fan dit boek fan Diet Huber (1924-2008) in bliuwend geskink. Diet Huber skreau yn it Frysk en it Nederlânsk. Har hiele wurk, fan *De Teltsjebeam* en *De Mâlbroekmich* oant en mei har gruttere proazawurken lykas *Rinske en de stoomtram* en *Nûmer alve*, hat har in bliuwend plak yn de berneliteratuer fan beide talen besoarge.



Yn it ramt fan it tritichjierrich bestean fan de Friese Pers Boekerij bv dit jier is dit ivich frisse berneboek op 'e nij útjûn.

### **Boekgegevens:**

Diet Huber, *Tutte mei de linten*

11<sup>e</sup> printinge

Friese Pers Boekerij bv, 2009

Utfiering: hurd kaft

swart-wyt yllustraasjes

48 siden

ISBN: 978 90 330 0502 2

Ferkeappriis € 13,95

---

Voor meer informatie over de uitgave, de auteur, de presentatie of het aanvragen van een recensie-exemplaar:  
Vera van Balen. Telefoon 058-284 5390/ [vera.van.balen@ndcvbk.nl](mailto:vera.van.balen@ndcvbk.nl)

Zowel dit persbericht als een hoge resolutie-afbeelding van het omslag zijn in digitale vorm beschikbaar via [www.frieseopersboekerij.nl](http://www.frieseopersboekerij.nl) onder de knop 'Parse ynformaasje'.